


De Twirre



maart 2024



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 41e jiergong nr. 1: maart 2024. De Twirre is it fearns-
jiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 maaie by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra	till.	0546 - 840 484
	totzondag@gmail.com		
Skriuwer	Auke Hoekstra		06 33 69 49 32
	Barmntlo 18, 7161 KH Neede		
	a.hoekstra1@lijbrandt.nl		
Ponghâlder	Pier Bergsma		0546 - 57 57 30
	pu.bergsma1944@gmail.com		
Leden	Grieteke van der Veer		074 - 291 8564
	gpvdveer@gmail.com		06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus		074 - 242 7217
	grijshengelo@gmail.com		
	fakatuere		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo		
	lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekken-
nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

As nij lid fan de krite hat har opjûn Thea Terpstra út Hengelo. Wy hoopje
dat se it by ús nei 't sin ha sil. Dus graach oant sjen op ien fan de aktivitei-
ten fan ús krite.

Belangrike data

Sneon 23 mrt Kriteimiddei yn it Boarterstúngebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Marica van der Meer út Warkum fertelt oer har fytstochten oer de hiele wrâld. Oanfang 14.00 oere. Ynrin 13.30 oere.

Aug/sept Kritereiske?

Okt/nov Kriteimiddei / kritejûn / Fryske tsjerketsjinst?



Bloeiende wrâld (Froukje Annema - Noordenbos)

*Maitiid hinget oer de lannen,
fredich en sa nuver stil.
't Liket wol oft alles wachtet
op 'n wûnder dat no komme sil.*

*'k Hear in iere fûgel sjongen,
'k sjoch de sinne oer it gea,
'k rûk de earste maitiidsblommen;
Bloeiende wrâld, moaier as ea.*

*Stadich rin ik oer de paden,
fol fan frede is myn hert.
En dochs fiel ik sa'n grut langstme.
Mar wêrnei? Ik wit it net.*

Noch even oer winter en iis

Winterke

Yn jannewaris hiene we dan toch noch even in winterke. Op ferskate plakken koe riden wurde op ûnderstrûpt lân of opspuite iisbanen. De earste maratonwedstryd op natuer-iis wie op 9 jannewaris yn Winterswyk. By de froulju wûn Marijke Groenewoud út Grou, dy't yn it wykein dêrfoar ek al súkses hân hie op Thialf. By de manlju wûn Harm Visser út de Westereen.

Koartebaan

Op 10 jannewaris waard de earste koartebaan wedstryd op natueriis holden yn Nijelamer. Presys 100 jier lyn, yn 1924 waard yn Rypstjerk de earste NK koartebaan holden. Ferhalen oer it koartebaan riden geane lykwols folle fierder werom yn 'e tiid. Koartebaan is yn 400 jier neat feroare: 160 meter rjochtút, ien tsjin ien.

Yn de 17e of 18e iuw diene se al oan it koartebaan riden. De wedstriden wiene perfekt foar minsken dy't it net breed hiene. It prizejild luts benammen skippers en boerearbeiders oan. Dy hiene it krap. Skippers koene by winter net farre. Prizejild kaam fan it bestjoer fan de iisklups.

Filmbylden

It Fries Film en Audio Archief hat syn argiven troch west en de moai-

ste bylden fan de Alvestêdetocht yn Snits op in rige set. It moaie fan dy bylden út de begjinjierren 1929, 1940 en 1941, is dat it doe noch ljocht wie. Dat wie omdat de tocht doe oarsom riden waard. Snits wie wat Dokkum no is, de lêste trochkomst. Dat is ek wêrom't bylden fan 1963 ûntbrekke yn de kompilaasje dy't fertoand is op de *Dei fan de Alvestêdetocht* yn Snits. Yn 1963 wie it noch folslein tsjuster doe't de riders troch Snits kamen.

Dei fan de Alvestêdetocht

15 Jannewaris is de *Dei fan de Alvestêdetocht*. Dit is de datum wêrop yn 1909 de feriening De Friese Elf Steden oprjochte waard. De dei is betocht om de ferhalen en oantinkens oan de tocht troch te jaan en net te ferjitten. Der binne ek bylden opdûkt fan froulju dy't de tocht ride yn 1942. Je sjogge se riden yn rokken en lange jassen.

Us Bern

Yn Ljouwert ha je *Us Mem*, in Fryske stamboekko op 'e rotonde tsjinoer de Groene Weide, en *Us Heit*, Willem Lodewijk van Nassau - Dillenburg, 1560 - 1820, earste stêdhâlder fan Fryslân. Binne se in nacht by mekoar west? Want tsjin-oer it station steane no al in pear jier yn 'e mist: *Us Bern*. □

Jiergearkomste op 27 jannewaris

Nei de wenstige kofje/tee mei oranjekoeke en it sjongen fan it folksliet mei begelieding fan Hendrik Tel op syn hoarn, iepenet foarsitter Siebe Hiemstra de gearkomste.

It ferslach fan de foarige jiergearkomste en it jierferslacht wurde, mei in pear korreksjes, goedkard. Ponghâlder Pier Bergsma jout in kreas oersjoch fan de ynkomsten en útjeften fan ôfrûne jier en dat komt út op in lyts tekoart. Hy leit út wat de kosten west ha fan elke krite-aktiviteit. De kaskommisje kin it hjir mei iens wêze en wy ferliene Pier désjarzje mei hantsjeklappen. En der wurdt wer in nij lid yn de kaskommisje beneamd.

De trije bestjoersleden dy't ôftredend binne wurde foar noch in nije perioade beneamd. Der hat net ien him/har opjûn as nij lid fan it bestjoer, der bliuwt in fakatuere.

By it foarútsjen komme ferskate plannen en ideeën nei foaren. Op sneontemiddei 23 maart komt Marica van der Meer mei ferhalen oer har lange reizen op 'e fyts. Moat de kontribúsje omheech? Is yn fiif jier net bard en alles is wol djoerder wurden. Of is dat net nedich as wy goedkeaper út kinne? Wy sjogge it noch in jier oan.

Is it better om tenei de aktiviteiten op midddei, bgl. yn it boarterstúngebou, te hâlden? Us leden fine it fêst noflikker om net by tsjuster de

doar út. It is ek goedkeaper. Op 23 maart sille we sjen hoe't dat befalt. Eeke stelt foar om sa no en dan in noflikke Fryske middei te hâlden, dêr't dan ek de lêsgroepkes yn opnommen wurde.

Hâlde we dan wol genôch rekken mei de Fryske Kultuer? Hinget fan de ynfolling ôf.

Hoe sille we it kriteriske dwaan?

Der komme hiel wat ideeën op.

Fan 't hjerst wol in Fryske tsjerke-tsjust. Wit immen noch in Fryske dûmny? It bestjoer hat hiel wat om oer nei te tinken en te besluten!

De lêsgroepkes fan Eeke wurde lytser en se binne no ien kear yn de twa moanne. Dêrom hat Eeke dat fan dy Fryske middei betocht.

De Twirre wurdt o sa wurdearre.

Ali, Jelle en Hendrik en Tjesje wurde betanke foar it meitsjen en ferstjoeren fan it kriteblêd.

By it omfreegjen komme der noch mear fragen en opmerkingen. Hjirnei slút Siebe de fergadering.

Nei it skoft hat Eeke in gesellige quiz. De Fryske siswizen en fragen oer Fryslân slane wol oan. Yn groepkes fan fiif wurdt der drok diskusearre. De tafel fan Paul Hooendoorn wint.

□ Ali

Fleane

Inne en Setske ha nei de bern yn Kanada west. If fleanen hie Setske net sa bêst foldien. Dêr kaam dy frou earlik foar út. “Boppe de see die er raar. Ik tocht, hy kin wol delfalle.” Inne loek ferachtlik oan de smelle skou-
ders. Mei in weetlik glimke sei er: “Froulju.” Dêr lei it oardiel yn beslet-
ten. “It hie neat om ’e hakken. Dat fleandersfolk wit wol wat it lije kin.
As jo it my freegje lei dy masine fan foaren justjes te swier. Dan wurdt de
efterein wat te licht en kin er wolris út evenwicht reitsje. Ik sjoch it sa...”
Inne gyng derfoar sitten om my ris krekt út ’e doeken te dwaan hoe’t dat
siet mei sa’n fleanmasine. “As wy yndertiid as skoaljonges oan it draakje
fleanen wiene, dan wie it earst in útprobearjen wat kin er ha. As sa’n
draak troch de loft slingere, bleau er wol omheech, mar wy wisten dat de
sturt te licht wie. In pôltsje gers deroan om him stil stean te litten en klear
wie ’t. Sa wie dat mei dy fleanmasine ek. Doe’t er wat op en del begûn te
gean tocht ik daalk, de sturt is lichternôch. Dat wie krekt alles. Fierder ha
ik dêr gjin fiif minuten oer yn sitten. Ik wist te goed dat it gjin kwea koe.”

□ Paulus Akkerman, út “Wat wie ’t wat”

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Tine. Dizze kear ha’k wat fan de
Fryske Spreukekalinder fan ferline jier helle. Jo moatte de sinnen ôfmeit-
sje troch it ynfoljen fan in Fryske plaknamme. Wat jo miskyn helpe kin:
de plakken stean yn de folchoarder fan it alfabet.

- Dizze frou hat in fin mear as in
- De bern ha yn it hege gers boarte; se ha alles
- Moatst net sa frette; do wurdst fierstente
- Hy miende dat it bearenburch wie, mar it

□ Eeke



Syl, Sylhûs en Leugenbank yn Hylpen

“Under de Wûnderbaarlike Fisfangst”

Mar 114 stappen lang is de “Kalverstraat” dy’t hjir Kalestrete hjit. Yn dizze Kalestrete binne mar twa restaurantsjes, mar it mooglike gemis wurdt ryklik kompensearre troch de trije-ienheid fan syl (slûs), sylhûs (slûswachterswenning) en de leugenbank oan it ein fan de strjitte by de haven. De slûswachter tinkt dat syn wenning de meast fotografearre is fan Fryslân. Hy soe samar gelyk ha kinne. In elk gefal binne der al puzzels fan 1000 stikjes fan de slûs en wenning makke.

Yn 1616 waard yn de dyk in houten seeslûs boud, dy’t yn 1700 ferfongen waard troch in stiennen eksimplaar. Lytse skippen gyngen der foar heal jild troch want dan hoegde de slûswachter mar ien doar iepen te draaien. De grutte skippen fan doe, binne de lytse skippen fan no; it is allinnich noch mar lyts spul wêr’t de slûswachter de doarren foar iepen swingelt. De manlju dy’t de leugenbank befolkje, sjogge dernei en bekommetearje de gong fan saken graach. Sa as se alles bekommetearje wat se foarby kommen sjogge fanôf har smoute bankje ûnder de bibelske gevelbyltenis fan de Wûnderbaarlike Fisfangst. It blauwe reddinghúske oan de haven is werom brocht yn de styl fan de jierren tritich. Museum Hindeloopen, neist de tsjerke mei de skeve toer, besteget ûnder mear oandacht oan de wrâldferneamde Hylper skilderkeunst. www.museumhindeloopen.nl

□ Annemarie Bergfeld:

“200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben”

Fryske siswizen

Hoe komt Peaske yn 't lân? - wêr ha wy dit oan te tankjen?

Op fûle aaien sitte - der finansjeel min foar sitte.

It aai is gau kniesd - sein fan ien dy’t gau rekke is.

Hy komt mei de aaien nei Peaske - hy komt der te let mei.

In aai mei sâlt - in snedich sechje.

Fan hokke aaien soe er útbret wêze? - fan hokker komôf soe er wêze?

Dat aai kriget noch al wat skyl - soad omtinken foar in ûnbelangrike saak.

As Pinkster en Peaske op ien dei falle - nea.

Eat fan aaien meitsje - eat yn 'e war stjoere, kattekwea úthelje.

Men kin him in aai yn 't gat sierde - sein fan ien dy’t tige benaud is.

Belutsen, besletten Peaske - de earste snein nei Peaske.

Omtinken foar it Frysk en de Fryske Kultuer

BFTK. Démisjonêr minister Hugo de Jonge wol dat der mear ambysje komt yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). De foarige BFTK rûn ein ferline jier ôf, mar wurdt pas ferlinge oant der ôfspraken makke binne foar 2024 - 2028. De provinsje en it regear prate al in skoft oer in nije BFTK. Dêryn stiet hoe't it Fryske befoardere wurde kin en hoe't ynfolling jûn wurdt oan Europeeske ôfspraken.

Soepboer. Aant Jelle Soepboer (NSC) spruts syn earste taspraak as nij lid fan de Twadde Keamer foar in part út yn it Frysk. Dat wie by de petearen oer de begrutting fan it ûnderwiis.

NRC. Op 19 jannewaris skreau de NRC yn it Frysk: “Beskermje it Frysk ear't it net mear is as in sprektaal.” It Frysk is gjin foltiidsoplieding mear, mar in fak dat binnen de Bachelor *Minorities* keazen wurde kin. Nettsjinsteande de tasizzing dy't Nederlân dien hat om it Frysk te beskermjen. “In maatskippij sûnder kennis fan de eigen taal, en dêrmei fan de eigen kultuer, is in earne maatskippij.” neffens de NRC.

Grins. In pear wike letter wurdt bekend dat de universiteit fan Grins yn 2025 hielendal ophâlde wol mei de stúdzje *Minorities en Multilingualisme*. It Frysk wie dêr sûnt 2012 in ûnderdiel fan. Dochs is it net de bedoeling dat it Frysk ferdwynt op de universiteit. Koartlyn is der noch 340.000 euro foar in stúdzje Frysk tasein troch it ministearje fan ûnderwiis. Der wurdt no socht nei in oare oplossing foar it Frysk. Faaks kin it op de Campus Fryslân fan de universiteit yn Ljouwert.

Oer in snip (út: “De bisteboel fan Hoatse” fan H.J. Kleefstra)

't Wie yn 'e maitiid dat in snip
tsjin 't wyfke prottele: Ferhip,
der leinen juster, dat is fêst,
al trije aaien yn it nêst.
Sis, hasto hjoed dyn plicht wol dien?
Hja sei: Der is dy wat ûntgien
Wêrom ik hjoed gjin aaike lei?
Wolno, ik ha in snipperdei.



Sneontemiddei 23 maart, Marica van der Meer by ús

Marica van der Meer út Warkum fertelt oer har fytstochten oer de hiele wrâld. Se sliept dan faak yn in lyts tintsje, efter wat boskjes. Se jaget lulke hûnen fuort yn it Frysk. Se lit der plaatsjes by sjen. It wurdt fêst in hiele moaie middei.

Har boeken:

“Van vuur naar ijs”, har fytstocht fan it súdlikste puntsje fan Súd-Amearika nei it noardlikste puntsje fan Noard-Amearika.

“Weg van de wereld”, har fytstocht fan Warkum nei Tasmanië, súdlik fan Australië; troch Turkije, India, China, Indonesië, ensfh.

“Fietsen langs de elf steden van Friesland”.

“Fietsen door het Romeinse Rijk”.

“Fietsen rondom de voormalige Zuiderzee”.

“Fietsen van Walcheren naar de Waddenzee”.

Op dizze middei is der gjin ferlotting. Eeke de Boer is der wol mei har twaddehâns boeken en tydskriften. Altyd even sneupe!



Sneontemiddei 23 maart, Krite middei yn Boarterstúngebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Marica van der Meer mei ferhalen oer har fytstochten. Ynrin: 13.30 oere; oanfang 14.00 oere.

Nijs út Fryslân

De Harmonie 150 jier. De sosjiteit waard oprjochte yn 1874 foar alle ynwenners fan de stêd. Der wiene al ferskate sosjiteiten yn Ljouwert, mar dy wiene benammen foar de elite. Groepen as Amicitia en De Groote Sociëteit wiene net foar ynwenners mei de lytse beurs. Der wie in groep manlju dy't dêr in ein oan meitsje woe. Se woene dat elkenien genietsje koe fan teater, kultuer en oare aktiviteiten. Sa kaam De Harmonie ta stân. It wie dus net allinnich in gebou. It wie in moetingssplak foar ynwenners fan de stêd. Der wie yn it begjin folle mear te dwaan as allinnich nei it teater gean. Je koene ek kegelje, lêze en letter ek nei de film. No hat it wer de funksje fan skouboarch. Mar it wie eartiids dus folle mear as dat. De Harmonie is ferskate kearen ferboud. It hjoedeistige gebou wie yn 1995 klear en is doe troch keninginne Beatrix iepene.

Nije direkteur Oeral. De Ingelsman Mike Martins wurdt de nije direkteur fan Oerol op Skylge. Omdat Martins pas yn maaie begjinne kin, is oant dy tiid Daniëlle Streep oansteld as ynterim. Op 'e nijjiersresepsje yn Midslân is dit bekend makke. Martins sit al lang yn de kultuerwrâld. Earst wurke er sels as artyst; hy wurke mei sirkussen en foar ferskate festivals oer de hiele wrâld. Op it stuit is er direkteur fan it Freedom festival yn Hull. Hy is no ek Nederlâns oan 't learen. De Brit wurdt de opfolger fan Siart Smit, dyt nei fiif jier ôfskie nommen hat.

Klaarkamp. Museum Martena hat yn syn eigen kolleksje in oantal fergetten boeken út de 16e iuw ûntdutsen. Se wiene fan de lêste geastliken fan it romrofte kleaster Klaarkamp by Rinsumageast. It giet om 13 yn de haadsaak teologyske boeken; bygelyks it Nije Testamint yn it Gryks-Latyn en preekbondels dy't ôfstimd binne op it tsjerklik jier en de Roomske lear. De boeken komme út it kleaster Klaarkamp wei. Dat ûntstie krekt foar 1163 en bestie oant de Reformaasje yn 1580. Klaarkamp ûntwikkele him ta it grutste en rykste kleaster fan Fryslân. Yn de 16e iuw hie it mear as 2500 bunder kultuerlân yn besit.

Hynst Jeppe kampioen. By de hynstekeuring fan it Fryske Hynder Stamboek yn Ljouwert waard Jeppe 537 kampioen. Der wie grutte belangstelling foar de keuring yn it WTC, dy't trije dagen duorre. Jeppe is in hynst fan stoeterij Bommelsteyn út Haskerhoarne by De Jouwer. De keuringen wiene alle dagen te folgjen op Omrop Fryslân. □

Takomst fan it einekoerflechtsjen



De Strampel

Fryske Feriening fan Einekoerflechters



In ambacht dêr't allinnich minskehannen oan te pas komme, it einekoerflechtsjen. Mar foar de takomst binne soargen. Der steane te min nije flechters op, wylst de fraach tanimt. By de feriening De Strampel, de Fryske feriening fan einekoerflechters, binne 35 flechters. Der komme elk jier 500 oanfragen, mar dêr komme dy 35 minsken lang net oan ta. Wêrom is der ynienen mear fraach nei de kuorren? Fûgels hawwe fijanenen as de foks en de murd. In einekoer biedt dêr beskerming tsjin en sa krije de pykjes de kâns om te oerlibjen. De kuorren wurde makke fan reid en flaaks en binne dus hielendal miljeufreonlik. Se binne net allinnich foar einen, mar ek foar oare fûgels. Eartiids hie elk doarp in pear flechters, mar dat is in bytsje útstoarn. De feriening organisearret no wol kursussen.

Foarjiersliet (P.J. Troelstra)

*Giet de winter fan ús skieden,
Komt wer 't leave sweltsje oer,
Draait de ljip wer oer ús mieden
Dan is 't feest troch hiel natoer.
Dan is 't foarjierstiid,
Dy jout wiid en siid,
Wille en fleur,
Sjong him in liet!*

*As 'r wer beamte en blommen bloeie,
Slacht yn't boskje it gealtsje wer,
Dan wol alles boartsje en doeie,
't Leavet hjir en boasket dêr.
Pronket fjild en wrâld,
Dan sjongt jong en ald.
Rom fan hert,
Moai is de wrâld!*

“Iets op je elf-en-dertigste doen”

It boppesteande is in Nederlânsk sprekwurd (as je eat tige stadich dogge) en dat soe Fryske woartels ha. No, dat woe my net rjocht oan. Oanlieding ta dizze kwesty wie: in lis-puzel fan sa'n 350 stikjes fan Fryslân om 1950 hinne, yndield yn de 44 gemeenten fan doe. Tsjintwurdich binne der dat noch mar 18! Ik ferlotte dy puzel op de jiergearkomste. Hoe't ik der froeger oankommen bin, wit ik net mear, mar ik hie him altyd as aardichheid bewarre. Yn in opomrige rite tocht ik: fuortdwaan of miskyn hat immen fan ús krite der noch belangstelling foar? By it opheljen fan de lotsjes sei doe immen: der wiene in pear iuwen lyn 11 stêden + 30 gritenijen = 41 gemeenten, want it boppe-

steande sprekwurd soe op dizze manier ûntstien wêze. De beslútfoarming oer belangrike Fryske saken gie tige stadich as al dy gritenijen dermei ynstimme moasten. Hoe sit it dan mei dy puzel mei 44 gemeenten en net 41? Immen oars wist dêr it antwurd op: Flylân en Skylge hearden foar de twadde wrâldoarloch noch net by Fryslân en de gemeente Hearrefean is doe ek splitst. Dus dy 44 gemeenten yn ús bernejierrren soe klopje kinne. Mar soe de situaasje yn Fryslân echt de basis wêze fan dat Nederlânske sprekwurd? Ik ha ris “google” en fûn ek in oar ferhaal: “elf en dertigste” ferwiist yn it foarste plak nei in weefterm: in tige tin en mei soarch makke weefsel, dat dus ek stadich gie. □ Eeke de Boer

De boer en de abbekaatsje

In âld boer en in slimme abbekaatsje reizgje mei de trein. Nei wat praat hat de abbekaatsje it ferstân fan de boer op in pypfol, hy seit dat er wol in spulstje dwaan wol: “Ik stel Jo in fraach, en as Jo it antwurd net witte, kostet dat Jo 10 gûne. Dan meie Jo my in fraach stelle en as ik it net wit, sil ik Jo 100 gûne betelje. Wat tinkt Jo?” “Kom mar op,” seit de boer. De abbekaatsje: “Hoe fier is it fan de ierde nei de sinne?” De boer hoecht net lang nei te tinken. “Wit ik net.” Hy pakt in tientsje en betellet. Dan is hy oan bar. “Wat rint op trije poaten de berch op en komt op fjouwer poaten wer nei ûnderen?” De abbekaatsje hat aardich wat mear tiid noadich, hy prakkesearret, mar wit it ek net. Hy jowt de boer 100 gûne. “Bliksems,” sei de abbekaatsje, “no wol ik al witte, wat is it antwurd?” “Ik wit it ek net,” seit de boer en betellet 10 gûne.

Alde Fryske kroniken op ynternet

Tresoar hat tweintich âlde Fryske kroniken online trochsykber meitsje litten. Dat is dien binnen it lânlike projekt “Chronicling Novelty”. Foar in part is dit dien mei keunstmjittige yntelliginsje AI. In kronyk is in gronologysk ferhaal of in samling notysjes mei histoaryske feiten, in soarte fan deiboek dus, dêr’t de auteur yn opskreaun hat wat er wichtich fûn. Faak is sa’n kronyk ferbûn mei de mienskip of it plak dêr’t de skriuwer libbe. Dat makket in kronyk ek foar wittenskippers, studinten of leafhawwers fan lokale skiednis ta in moaie boarne. www.kronieken.transkribus.eu

It giet om 20 kroniken út de perioade tusken 1566 en 1899. Bygelyks:

- Dagboek van Cornelis Pieter Sorgdrager, 1826 Amelân.
- Aantekeningenboek van Dirk Janz, 1636 út It Bilt
- Kronijk en beschrijving van de stad Sneek, 1826 Snits
- Dagboeken van Lieuwe Jans de Jong, 1825 - 1855 Poppenwier
- Verhaal van hetgeen in Doccum is voorgevallen, 1700 - 1735 Dokkum
- Korte Cronijk van Drachten (1100 - 1850), 1853 Drachten

Sjoch ek oars (Atze Bosch)

*Se binne oars, dat sjochst wol oan 'e klean,
Se ite oars dat kinst fan fierren rûke,
Se dogge oars mei alles wat se brûke,
Se prate oars, do kinst se net ferstean.*

*Se hawwe inkeld noch har faai bestean
en binn' troch leed en lijen slim ferbûke.
Hoe't har ek bylden fan 't ferline lûke,
der is gjin wei om nei dy tiid te gean.*

*Tink dy ris yn hoe't sokken har hjir fiele,
Se stjitte faak troch ûnbegryp de noas.
Gastfrijens kinn' se hjir mei nimmen diele;
wat sy as earfol sjogge is hjir loas.
Mar moatte wy in oar dan net skewiele?
En sa besjoen, binn' sy as wy no oars?*

(advertinsje)



It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgongspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres


Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in kompleet oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Wêr komme Jo wei?

Lofts acht rychjes mei doarpen. Hokker âlde gemeente (gritenij) hearde dêr by? De gemeenten besteane no allegear net mear. Der komt in plak út.

1. Akkrum, Terherne, Aldeboarn, Eagmaryp	Haskerlân (<i>o</i>)
2. Bantegea, Eastersee, Follegea, Ychtenbrêge	Idaarderadiel (<i>u</i>)
3. De Jouwer, Aldehaske, Sint Jansgea	Lemsterlân (<i>j</i>)
4. Grou, Wergea, Warten, Friens, Aegum	Raerderhim (<i>r</i>)
5. Heech, Blauhûs, Wâldsein, Ypekolsgea	Skoatterlân (<i>t</i>)
6. Holwert, Wierum, Brantgum, Hantum	Utingeradiel (<i>l</i>)
7. Jirnsum, Sibrandabuorren, Raerd, Tersoal	West-Dongeradiel (<i>e</i>)
8. Jobbegea, Katlyk, Aldehoarne, Rotsterhaule	Wymbritseradiel (<i>w</i>)



Epemastate ek op de Stinzefflora-monitor

It snieklokje, de wylde krokus, de winterakonyt of de boskannemoan. Mei de 'Stinzeffloramonitor' is te folgjen wat der bloeit op de dielnimmende stinzen. Op stinzeffloramonitor binne de histoaryske lokaasjes yn Noard-Nederlân en Noardwest-Dútslân te finen. Mei in kalinder kinne de minsken útfine wat der yn bloei stiet. Njoggen fan de fyftjin lokaasjes lizze yn Fryslân. Epemastate yn Ysbrechtum is der dit jier foar it earst by.

www.stinzenflora-monitor.nl

Resept

Sitrusslaad

3 sinesappels, 2 reade grapefruits, 1 giele grapefruit, 2 ytl. sitroensop, 2 ytl. sûker, 2 ytl. ierdbeiranje, kaniel.

Fan de grapefruits en de sinesappels de skilen en de wite feltsjes ôfhelje. De grapefruits yn stikjes ferdiele. De sinesappels yn fearntsjes ferdiele en de feltsjes der sa goed mooglik ôf krije. Byinoar yn in bakje dwaan. Yn in stâlpantsje twa ytleppels sitroensop en likefolle wetter waarm meitsje. Sûker der troch rierde en deryn wei wurde litte. Dan in flutsje ierdbeiranje en in heal teeleppeltsje kaniel dertroch rierde en fan 't fjoer krije.

Oer de fruchten jitte. Bakje ôfslúte en in pear oeren yn de kuolkast gewurde litte, sadat de smaaak goed yn de fruchten lûke kin.

Sa no en dan omskeppe. As it oan it iten ta is, it sitrusslaad yn moaie glêzen of bakjes optsjinje.

□ út: "De nije Petiele" fan Wieke de Haan

Tiden hawwe tiden

Komelkers Aldhoarne (1928). De melker sit op in tuolle. Molke komt earst troch de tjems. De kij ha de achterpoaten fêstbûn mei in spantou.



Boekenijis

Skearing en ynslach, Bouke van der Hem. Yn dizze ferhaleroman sjocht de skriuwer werom op syn libben. Oantinkens út syn jeugd yn Dearsum wurde nei foaren helle, it ôfbarnen fan de âlderlike pleats, de wat typyske freonskip mei syn doarpsmaat en tsjinlizzer Sipke Blom. Dêrnei de stúdzje yn Grins, militêre tjinst yn Dútslân en mei frou en bern in perioade yn Nij-Seelân as makelder. *Priis: 18,50.*

Sirkelgong de see, Jaap de Jong. Sirkelgong de see is in bondel reisferhalen fan Jaap de Jong. De skriuwer is seekapitein en wend om op syn reizen goed om him hinne te sjen. *Priis: 19,50.*

Hege loft, Catharina Lautenbach. Ut de ferhalenbondel wurdt wol dúdlik dat de skriuwster noch siket nei in eigen toan. Sa binne der twa parabels yn it boek opnommen, twa ferhalen oer âldere minsken dy't de plysje of har eigen bern foar de gek hâlde en mearde oansetten ta psychologyske stikken oer relaasjes. *Priis: 17,90.*

De Freon, I.E. Blom. De Freon is de tredde Young-Adult roman fan I.E. Blom. Mei "It neidiel fan 'e twifel" wûn er yn 2022 de Simke Kloostermanpriis foar it bêste Fryske jongereinboek. *Priis: 17,50.*

Hoe 't in minsk fersibbe rekket, Ruerd Smaling. Ferhalebondel. Yn fjouwer fan de njoggen ferhalen spilet de dea in prominente rol. Yn ien fan de oare ferhalen sketst de ik-persoan troch tafal op tafal te steapeljen in byld fan syn libben. De skriuwer is der fan oerstjûge dat tafal in grutte rol spilet yn in minskelibben. *Priis: 18,95.*

Hy libbe yn tsjinstellingen, Bearn Bilker. Markante dûmny Zelle ferivige yn biografy. Johannes Hendrikus Zelle libbe fan 1907 - 1983 en stie bekend om syn kleurrike preken. En hy luts altyd in soad minsken. As Zelle kaam siet de tsjerke fol. Hy hie in stim as in klok en hy hie garisma. Hy preke graach oer Bibelske figuren dy't fan it rjochte paad rekke wiene, lykas Job, Jonah en Lot. *Priis: 39,95.* □ Ali

Joost Klein. De Fryske artyst Joost Klein hat de poppriis 2023 wûn. Nefens de sjuery makke Klein it ôfrûne jier yndruk mei ferskes dêr't op unike wize de tiidgeast yn fongen wurdt. De sjonger en rapper groeide op yn Britsum en giet yn maaie foar Nederlân nei it Eurovisie Songfestival yn Sweden. Sûnt foarich jier is er ek yn Dútsktalige lannen bekend. Mei it nûmer "Friesenjung" hie er in grutte hit.

Witte jo dat

- Der yn desimber seis Twadde Keamerleden de belofte by har ynstallaasje yn it Frysk ôflein ha? Twa derfan wiene Friezen-om-utens.
- De Minister fan Ynlânske Saken de provinsje Fryslân 200.000 euro jûn hat om it Frysk yn de iepenbiere romte better sichtber te meitsjen?
- De 11.000 kuierkaarten foar de Slachte-maraton (oer de âlde Middelseedyk tusken Easterbierrum en Raerd) op 15 juny al yn twa wike útferkocht wiene?
- Fryske meiwurkers fan de ING mei Frykpratende klanten net Frysk prate meie? Moatte de Friezen har ING-rekken no mar opsizze?
- It nije Cambuurstadion de namme Kooi-stadion kriget? De namme-jouwer is de Fryske ûndernimmer Pieter Kooi, dy't dêr sa'n 1 miljoen euro foar betellet.
- De skries de bou fan in fleanfjild yn Portugal foarearst tsjinhâldt? Der kaam in streek troch de plannen foar in fleanfjild yn de mûning fan de Taag by Lissabon. Natuerbeskermers ha har al jierren der tsjin ferset.
- It sechje "Oant moarn" fan Piet Paulusma wierskynlik yn de Dikke Van Dale opnommen wurdt? Piet sleat syn waarpraatsjes op de televyzje altyd ôf mei "Oant moarn". De leuze is ikoanysk wurden .
- Wy efter op dizze Twirre wer in foto ha, witte Jo wêr't it is? De foarige kear it Bolwurk fan Frjentsjer by de Alvestêdetocht fan 1947.



Clary juwelier en goudsmid
Borculoseweg 20, 7161 HA Neede
telefoon: 0545 - 291 596
clary@juweliERGoudsmidclary.nl
www.juweliERGoudsmidclary.nl



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynt de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58

Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09

Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

